



Peaske

Tekst bekroane mei de Bernard Smilde Priis 2015

tekst Margryt Poortstra

Oargelbegelieding

1 De krêft fan leaf - de is net stoarn, sa wit - te wy op Peas - ke-moarn. Dwers

5 troch de nacht fan it be - stean wol Hy, dy't op - stie mei ús gean. 2 Dy't

9 sels de wei, de wier - heid wie, kaam op foar wa't de macht net _ hie. Hy

13 hat in earm om stum - pers slein en help de lam - me wer oer - ein.

3 En hjoed, mei syn ferrizenis,
befrijt Hy elk dy't finzen is
yn skuld en bangens, want foargoed
jout Hy ús minsken hoop en moed.

4 Wy kinne 't libben sa wer oan.
't Ferhaal fan dizze Minskesoan
helpt ús om sels ek op te stean
en op syn wegen troch te gean.

muzyk Geart van der Heide

De tekst fan dit liet is bekroane mei de Bernard Smilde Priis 2015, de priisfraach dy't Krúspunt útskreaun hat foar in nij Frysk Peaskeliet. It is foar it earst songen op de Krúspuntdei fan 21 maart 2015 yn Akkrum.